


# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Lieuwe van der Pol, ChristenUnie
Mei-yntsjinner(s): Bea Bijlsma, D66

Moasje nr.	2
Paraaf	
Wurklistpunt	8
Beslút	

## MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	22 juny 2022
Wurklistpunt	08 Regionaal Wetterprogramma
Koarte titel fan de moasje	Tûk en duorsum bakbehaer provinsjale farwegen

De Steaten, yn gearkomste byien op 22 juny 2022 heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat:

- It Regionaal Wetterprogramma yn tabel 8.2-3 oanjout dat "Afspraken over onderhoud aan de vaarwegen worden vastgelegd (bakbeheer en oevers)";
- Dat dit yn gearwurking mei Wetterskip Fryslân en de gemeenten dien wurde sil yn 2022 en 2023;
- It marrenprojekt in grutte ekonomyske impuls wie foar it toerisme yn Fryslân;
- Mei alle keunstwurken ek nije fernauwings yn de farwegen realisearre binne, wêr 't sliik har ophoopje kin;
- Dat mei de oankundige ferleging fan it ûnderhâldsnivo fan wegen en farwegen (sjoch foarnommen beslút ZBB) der minder jild beskikber komt wylst dit slykprobleem tanimt;
- De Fryske marren en wetters 'it blauwe goud fan Fryslân' is;
- It ûnderhâld fan de farwegen in kearntaak fan de provinsje is;
- Troch bemealling en streaming – mei troch de gemalen bij Lemmer en Staveren - de rekreative en beropshavens tichtslibje en minder goed berikber wurde.

oerwaagjend dat:



- Troch klimaatferoaring der mear reinwetter fia kanalen ferwurke wurde moat;
- Ek de yntinsiteit fan de buien tanimt en dêrmei de streaming faaks sterker is;
- Dertroch der meer verpleatsing fan slyk plak fynt;
- Dit tanimmende slykprobleem sawol ekonomyske effekten hat as effekten op in "gastfrij Fryslân";
- Dat it graven fan ekstra djippe dielen op inkele plakken yn de fargeulen – slykopfangbakken – in konsintrearjende en remjende wurking ha kin op it ferpleatsen fan sliib;
- It wichtich liket de wurking fan dizze foarm fan slykopfang neier te ûndersykjen;
- Der mooglik ek oare kânsen lizze foar skjin wetterbehear, dy't yn dit ûndersyk meinommen wurde kinne.

# MOASJE

Fersiket it kolleezje fan Deputearre Steaten:

- It slykprobleem yn it fargebiet fan Fryslân te ûndersykjen om te kommen ta in duorsume oplossing nei de takomst;
- Dit probleem ek te belûken by it meitsjen fan ôfspraken oer it regulier ûnderhâld mei treden sa as yn tabel tabel 8.2-3 oanjûn wurdt;
- Ek by it meitsjen fan ôfspraken de bedriuwen te belûken dy't direkt ôfhinklik binne fan it op djippte hâlden fan ús "blauwe goud".

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	ChristenUnie, Lieuwe van der Pol D66, Bea Bijlsma	 
---------------	--	--